

Muzikaal teaterstik blaast nij libben yn mienskip Ryptsjerk

Hoe't in geroft in doarpsmienskip spjalte kin: dêroer giet *Yn it skaad fan 'e toer*, de Under de toer-bydrage fan Ryptsjerk. Tagelyk binne de meiwurkers, hast allegear amateurs en ynweners fan Ryptsjerk en omkriten, just neimekoar tagroeid.

Arjan Hut

Ryptsjerk | Dat sjocht ek Simone Montsma, dy't tegearre mei Hitty van der Hout en Pytsje Cuperus oan de basis stie fan it muzikale teaterstik dat fannejûn yn Ryptsjerk yn premjêre giet. „Do fernimst dat de minsken entûsjast binne en dat der nije kontakten ûntsteane. It is in soad wurk en wy dogge in gigantysk berop op harren, mar it doarp stiet derfoar iepen.” Letterlik sels, want de foarstelling begjint yn doarpshûs De Einekoer en einiget yn de tsjerke. „Wy ha earst op audiïnsje west by it tsjerkebestjoer. Dat joech ús alle betrouwen en wy meie oeral gebrûk fan meitsje. Wy ha de kaai krigen, dat is fantastysk.”

It libbet

Ek akteur Koos van der Wal sjocht wat it yn it doarp losmakket. „Ik koe Ryptsjerk allinne yn it foarbygean”, bekennt er. „De sfear is hiel goed, fan it begjin ôf al, it is gesellich. Dêr soarget Hans van Buuren, ús regisseur, ek foar. De meiwurkers stekke mekoar yn harren entûsjasme oan. It giet allegear hiel organysk, it wurdt as fansels

dúdlik wat wy dwaan moatte. Do fernimst dat it libbet. Minsken komme nijsgjirrich út de hûs wei om te sjen wat der geande is.”

Nije ferbiningen en inisjativen, ik tink dat dat ús 'legacy' wêze kin

Van der Wal is ien fan de twa haadrolspilers. De oare is Kimberley Piek. Koos spilet dûmny Chris Roorda, dy't besiket it ferstân foarop te hâlden, wylst de doarpsbewenners spekullearje oer in skat ûnder de tsjerkefluer. Dêr soe Antsje van Uylenburch bedobbe lizze, de ûnbekende sus fan de frou fan Rembrandt, Saskia van Uylenburch. Men seit dat se miskien wol bedobbe is mei in skilderij fan Rembrandt... „Chris is eins wat saai, in bleue man, wol hiel tûk, mar hy hat drompels. Hy transformearret



Byld fan de try-out van *Yn it skaad fan 'e toer*, met Kimberley Piek, Frank de Wilt (achter) en Koos van der Wal.

Foto: Harmen Westra

stadich nei syn 17e-iuwske wjergader, Johannes Maccovius, en wurdt in stik 'flamboyanter'.”

Apoteose

De rige foarstellingen dizze moanne foarmje de apoteose fan in trajekt dêr't earder dit jier al wat fan te priuwen west hat.

„Yn maaie ha wy it histoaryske, 17e-iuwske diel fan it ferhaal beljochte mei in teatrale doarpskuier en workshops”, seit Montsma. „De ferneamde Poalske klezmerband Kroke

hat hjir doe west en út dy workshops is de muzyk foar de foarstelling ûntstien.”

Dy muzyk wurdt ûnder oaren spile troch âld-leden fan muziekferiening Excelsior, dat troch fergrizing ein 2016 nei 110 jier ophâlde fan bestean. De 'ferweesde' muzikanten wurkje wer tegearre en ek mei nije, jonge talinten. „Nije ferbiningen en inisjativen, ik tink dat dat ús 'legacy' wêze kin”, seit Montsma.

„Fan Antsje van Uylenburch is eins net safolle bekend. Se libbe wat

dat oangiet letterlik yn it skaad fan har ferneamde sus. Wy ha ús fantasy dêrop loslitten. Ut it skaad fan oaren, út jins rûtime stappe, dat is ek wol wat de lading fan dit stik. Wy ha in nije dominy yn Ryptsjerk, dy sil kommen-de snein yn syn preek ynheakje op ús ferhaal’.

Nei fannejûn is *Yn it skaad fan 'e toer* noch te sjen op 6, 10, 12, 13, 17, 19 en 20 oktober. Der binne noch in pear kaarten oer, www.ynitskaadfanetoer.nl